

De ballade fan Longerhou

útbrocht op de LP/CD Frustraasjebloes

It iis wie tsjok, it waaide prûs, it wie yn sânenfjrtich
Dêr ried in kreas jongfaam nei hûs yn streken lang en pittich
In wite trui mei read poeha, oan elke hân in wantsje
In mûtske op har troelala mei kninefel op 't kantsje

It lân wie wyt, de loft wie grau, gjin waar foar berneweinen
No giet in faam oer iis wol gau, mar einen bliuwe einen
It wie sa kâld dat lâns de wei elk lichemsdiel rampoi frear
Lyk Gysbert Japicx ek al sei: "het is gewoon niet mooi meer"

Sa fyntsjes wie't, sa kniperich, der wie net oan te wennen
De Stiennen Man waard griperich, hie lêst fan winterteannen
De skiere snieloft stie nei snie, de sinne wie wat sinnich
De faam, dy't twaentweintich wie, ried sa't ik sei, allinnich

Mar sjoch, doe't yn de reiden hja wat dwaan moast.....oan 'e rimen
Wa streke doe op Geartsje ta?: ús froastferjeier Simen
En as in warber fiskerman ûntrôle hy syn fûke:
"Hallo, wat sizze jo derfan, sil ik jo efkes lûke?"

Hy krige't klear, jawis, wat oars, wat is in faam allinne
Hy frege mei syn reade noas: "wêr moat de reis eins hinne?"
Hja molk har noas en sei doe: no, nei hûs fansels, wat tocht er?
ús heit is boer by Longerhou en ik bin heit syn dochter.

Se rieden achttjin doarpen lâns en seisenfyftich sleatten
Foar Cupido in see fan kâns, hy hat de bêste sketten
Se rieden krúslings, want dat wie sa smûk en goed tsjin't fallen
En dêr't se streken rûn de snie as wetter fan de wallen

"Bist evengoed in reuzefint", sa klonk it faak fansiden,
"Wat leuk, wat fijn, ik sjong omtrint, ja, dit is nochris riden"
Sa ried er mei syn rinkelbel, it wetter om 'e kiezen
De bosken reiden bûgden del, faak sûnder wat te sizzen

De reuzefint fernaam al gau se koe ek oargelspylje
se wie de fleur fan Longerhou en rûnom siet famylje
"Bist evengoed in reuzefint, it sjit al op, o, blinder
Dêr is it havenmonumint fan Longerhou, wy binn' der

Se stoppen en hja bûn har ou, o, wa sil dit beskriuwe
De spanning hong oer Longerhou, mar woe net hingjen bliuwe
"No goeie. Sjoch dêr wenje wy, dat lytse reade rútsje"
"Moai, fijn sa, sei er, blij om dy, jou my no mar in tútsje"

"In tút, wat sei, in echte tút? Us heit dy soe wol roppe:
Te-loeverts yn, te-lij wer út, en my fan't hiem ôfskoppe"
"Jim heit, spriek hy, hat tritich kij en kin gjin tútsje risse?
Of kin men op sa'n buorkerij no hielendal neat misse?"

Se sei:"wy kinne dit petear noch krekt foar achten slute.
Ik bin in dame, wês jo in hear, der wurdt troch my net tute!"
"In tút, raast hy en wurdt aktyf, dat ha'k fertsjinne blinder!
Ien luzich tútsje, it is taryf, ik doch it net foar minder!"

Se stapte fuort en dêr't se stie dêr foel de snie mei tommen
En by de wyn dy't útwaaid wie begûn in stoarm te kommen
Noch nea wie as op dizze jûn sa feal en skier de wrâld west
Noch nea hie Simen, oars wol sûn, sa trilderich en kâld west

Hy koe der net goed by, mar oars: hy hie syn bloed opdronken
De wjerljocht spile 'm om 'e noas, syn eagen skeaten fonken
Hy rôp, doe't er wer prate koe, wol tsien kear:"Snotferdikke!"
En biet, omdat er bite woe, twa stikken út in hikke

Doe socht er om syn rustich mes en kraaide as in hoanne
Hy taaste nei syn lúsjefer en rôp:"de boel sil baarne!"
Mar beide wapens leine thús: yn de oare broek, fergetten
Hy skeat doe fuort, wat stiif yn't krús, dêr wie de kjeld yn sketten

Syn pet gong mei syn hier oerein, hy skriemde hagelstiennen
En lâns de baan, it hiele ein, rinkinkelen de triennen
Hy sloech de skossen út 'e baan en rekke op 'e kletter
En doe't er by in brêge kaam fleach hy himsels te pletter

De plysje liet de saak blau-blau, de brêge is wer makke
Mar sûnt dy tiid is Longerhou foargoed yn oansjen sakke
Noch sit yn't izer syn profyl, en dêr't de ferve swart is
Sjocht elts wat by Eksmoarstersyl yn sânenfjirtich bard is

De faam kaam nea it hûs wer út, it spûket oan de kimen.....
By jûntiid heart men:"tút-tút-tút, wêr bliuwt dy tút foar Simen?"